



Freontsjes foar Tomke



2018 • Tema 'Freonskip' • dit boekje is in kadootsje foar alle pjutten en beukers yn Fryslân

No foarlêze, letter sels lêze.

Tegearre lêze is in simpele en fijne wize om mei dyn berntsje dwaande te wêzen. Troch it besjen fan plaatsjes, foar te lêzen en der oer te praten, ûntdekke de bern de wrâld. Foarlêze stimulearret de ûntwikkeling fan taal, fantasy en konsintraasje. Bern leare makliker lêzen as se al hiel jong mei boeken fertroud reitsje.

Dit útdielboekje is in spesjale útjefte foar de Fryske bibliteken yn it ramt fan it Tomke-project.

Yn 2018 is Tomke ek te finen yn de Taletûn.

Ferhaaltsje: Riemkje Pitstra
Yllustraasjes: Luuk Klazenga
Opmaak: Bibliotheekservice Fryslân
Koördinaasje: Afûk en Bibliotheekservice Fryslân

Nu voorlezen, later zelf lezen.

Samen lezen is een simpele en fijne manier om met je kind bezig te zijn. Door het bekijken van plaatjes, voor te lezen en er over te praten, ontdekken de kinderen de wereld. Voorlezen stimuleert de ontwikkeling van taal, fantasie en concentratie. Kinderen leren gemakkelijker lezen als ze al heel jong met boeken vertrouwd raken.

Dit uitdeelboekje is een speciale uitgave voor de Friese bibliotheken in het kader van het Tomke-project.

In 2018 is Tomke ook te vinden in de Taletûn.



www.tomke.nl

Opsisferske:

Boartsje op skoalle

Mei Piter op 'e trekker
Mei Jitske yn it sân
Mei Kasim op 'e wipwap
Mei Fardou troch in bân.

*Mei Martin baltsjeskoppe
Mei Esther oan it rek
Mei Achmed hiel hurd drave.
Mei Jeltsje yn 'e drek.*

Mei juf it sân ôfklopje.
Mei juf de jaskes út
Mei juf it fruit opite
En dan ... in skjinne snút!

*(Jo kinne de nammen feroarje yn dy fan
de eigen groep.)*





Foarlêze:

Freontsjes foar Tomke

Yn 'e tún, dêr stiet in tinte.
Fan in kleeed en stikken hout.
Tomke seit: 'Ik ha dy tinte
foar my en myn freontsjes boud.'

Gau krûpt Tomke yn syn tinte.
Wachtet ..., sjocht nei bûten ta.
Soene der ek freontsjes komme?
Tomke is allinne, ba.

Mar dan rûkt er ... promgebakjes.
Hy draaft nei Kornelia.
Promgebakjes út de oven.
Dy wol Tomke hiel graach ha.



Yana Yu rint nei de tinte.
Lûkt it kleeed in ein omheech.
Mar se kin Tomke net fine.
Want de tinte, dy is leech.

Yana Yu fynt it geweldich
yn Tomke syn tintehûs.
Hea, wa komt dêr op besite?
Dat is Pyp, de grize mûs.

Waf, waf, waf, hearre se bûten.
Romke wol de tinte yn.
Yana Yu ropt: 'Kom mar, Romke.
Sitst hjir lekker út 'e wyn.'



No binne se mei syn trijen.
Dêr komt Rûpke mei in blêd.
Hy moat ite, ite, ite.
Hap, hap, hap, hy is noait sêd.

Fjouwer freontsjes yn 'e tinte.
Komme der miskien noch mear?
Lytse Mol krûpt út in bulte.
Briltsje op. Sa, hy is klear.

Lytse Mol seit: 'Moaie tinte.
Lekker rom en oe sa smûk.
Tomke kin wol tinten bouwe.
Ja, dat mantsje is hiel tûk.'



Stikeltsje sjocht om 'e hoeke.
'Is der ek noch plak foar my?'
En se roppe allegearre:
'Ja hear, kom der mar gau by!'

Op is Tomkes promgebakje.
Hy giet nei de tinte ta.
't Is sa stil noch by de tinte.
Soe hy al in freontsje ha?

Yana Yu seit: 'Ssst, net prate.
Tomke is al hiel tichtby.
Aanst docht hy de tinte iepen.
En dan???? No, dan roppe wy!'



Hiel stil sitte se te wachtsjen.

Dêr krûpt Tomke troch it gat.

‘FERRASSING!!!!’

Tomke ropt: ‘Ik skrik my rot!’

Hy sjocht bliid nei al syn freontsjes.

Romke seit: ‘Kom der mar by.

Tusken Yana Yu en Rûpke

is noch wol in plakje frij.’

Yn ’e tún, dêr stiet in tinte.

‘Sjoch ris’, seit Kornelia.

‘Mei myn skaal fol promgebakjes

kinne jim in picknick ha.’

Riemkje Pitstra

Hoe hite de
freontsjes fan
Tomke?

Spultsje



Antwurden: Yana Yru, Romke, Pyp de mûs, Rûpke, Lytse Mol, Stiketsje

Tomke is ek yn de Taletún!

Yn de Taletún belibje Tomke en syn freontsjes allerhanne spannende aventoeren. Bist fan 30 maart oant en mei 28 oktober 2018 alle dagen wolkom yn de Taletún yn Ljouwert (Prinsetún). Boppedat wurdt der yn dyselde perioade op 15 sneonen in spesjaal programma foar bern fan 0 oant en mei 12 jier en harren famylje organisearre. Komsto ek?

De Taletún is in ûnderdiel fan Lân fan Taal. Mear ynformaasje oer alle aktiviteiten yn de Taletún fynst op www.heitenmem.nl of op www.lanfantaal.nl.

Tomke is ook in de Taletún!

In de Taletún beleven Tomke en zijn vriendjes allemaal spannende avonturen. Je bent van 30 maart tot en met 28 oktober 2018 elke dag welkom in de Taletún in Leeuwarden (Prinsentuin). Bovendien wordt er in diezelfde periode op 15 zaterdagen een speciaal programma voor kinderen van 0 tot en met 12 jaar en hun familie georganiseerd. Kom je ook?

De Taletún is onderdeel van Lân fan Taal. Meer informatie over alle activiteiten in de Taletún vind je op www.heitenmem.nl of op www.lanfantaal.nl

Mear Tomke-ferhaaltsjes?

Op www.tomke.nl fynst njonken ynformaasje foar âlders en liedsters ferskes, kleurplaten en mear Tomke ferhaaltsjes om foar te lêzen. En kenne jimme Tomke Radio al? De hiele dei ferkes en ferhaaltsjes foar bern tusken de 2 en 7 jier.

Meer Tomke-verhaaltjes?

Op www.tomke.nl vind je naast informatie voor ouders en leidsters liedjes, kleurplaten en meer Tomke verhaaltjes om voor te lezen. En kennen jullie Tomke Radio al? De hele dag liedjes en verhaaltjes voor kinderen tussen de 2 en 7 jaar.

Meitsje dyn bern fergees lid fan de biblioteek.

Gean krekt as Tomke nei de biblioteek en fyn dêr de allerleukste (printe) boeken. Bern oant 18 jier kinne fergees lid wurde! Hoechst sels gjin lid te wêzen, mar in legitimaasje is wol nedich.



Maak je kind gratis lid van de bibliotheek.

Ga net als Tomke naar de bibliotheek en vind daar de allerleukste (prenten) boeken. Kinderen tot 18 jaar kunnen gratis lid worden! Je hoeft zelf geen lid te zijn, maar een legitimatie is wel nodig.



TOMKE



Bibliotheken



Fryslân